



NEAT IS WAT IT LIKET
(Niets is wat het lijkt)

In klucht yn fjouwer bedriuwen

fan

ASTRID BAIJS en JAN TOL

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **NEAT IS WAT IT LIKET – NIETS IS WAT HET LIJKT** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteurs: **ASTRID BAIJS en JAN TOL** te vermelden.

De naam van de auteurs moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteurs mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2014 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteurs van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

TRIJNTJE OVERBEEK, bazige eigeneresse fan kafee/hotel

LOTTE OVERBEEK, har mear as luie dochter

DE GASTEN:

ARNOLD KOOPMANS, in besoarge heit

JOKE van TROJE – KOOPMANS, syn ûnderdienige frou

BERTHRAM van TROJE, syn heechhertige skoansoan

MARGRETHA BUISMANS, freondinne fan Arnold

DIRK BUISMANS, in wat simpele man

CECILIA BUISMANS – GRUTJES, syn frou

JOPIE de BLINKERT, postrinder

Mr. B. ACHTERBERG, notaris (froulik of manlik)

DEKOR:

By it begjin is der allinne in bushalte te sjen. At de gerdinen dêrnei iepengean, sjogge we it terras fan it ferfallen kafee/hotel 'Boslucht'. Op de foargrûn stean trije ferskillende taffeltsjes mei dêr omhinne ek ferskillende soarten stuoeltsjes. Koartwei sein: it is in by elkoar socht soadsje. Yn it dekor achter links in stikje muorre, dêrneist it rût fan it kafee, wer in stikje muorre en dêrneist de doar fan it kafee. Neist de doar rint de muorre sa fier troch as at it poadium breed is. De muorren binne oantaast binne troch it waar. Twa meter foar dit gehiel stiet links en rjochts in muorke, dêr troch krije je it effekt fan in strjitte. Hjir kinne de spilers op en ôf gean nei de stêd of it bosk yn. Fierder oanklaaie mei parasols en planten at it mooglik is. Links en rjochts is sjoen fan út de seal.

PROLOOCH

(moarns, sawat tsien oere. de bushalte stiet foar it gerdyn dat noch ticht is, in spot derop. Even letter komt Margretha fan rjochts op mei in koffer. Se giet by de bushalte stean en set de koffer del. Se sjocht no en dan nei links en rjochts, sjocht ek no en dan op it horloazje)

MARGRETHA: Wêr bliuwt Arnold no? Aansen is de bus der en bin ik al fuort foar dat ik mei him praat ha. *(se sjocht wer nei links en rjochts. Even letter komt Arnold hastich op fan rjochts)*

ARNOLD: Goeie. Sorry dat ik wat let bin, mar ik waard ûnderweis opholden.

MARGRETHA: Ik tocht al, wêr bliuwt er. *(se jouwe elkoar in tút)* Ik wie al bang datst it fergetten wiest.

ARNOLD: O nee! Dit ferjit ik net en dy alhielendal net. Margretha. Do bist it leafste dat my yn jierren oerkommen is.

MARGRETHA: *(glimket)* Sa tink ik der ek oer, Arnold. *(se sjogge elkoar fereale oan)*

ARNOLD: En no moat ik dy ek noch in hiele wike misse.

MARGRETHA: Och, it is mar foar in wike. Litte we net ferjitte, dat it foar it goede doel is.

ARNOLD: *(smeulsk)* It goede doel! It is doch eins fan de gekke dat ik dy dit frege ha.

MARGRETHA: Tsja... Atst wolst, do kinst noch wer werom.

ARNOLD: O nee! Ik bin hartstikke bliid, datst dit foar my dwaan wolst. Do fynst it doch net slim om dit te dwaan wol?

MARGRETHA: Nee wis net Arnold. We dogge it foar dyn dochter Joke. En... ek foar ússels.

ARNOLD: Ik wit it. Sa't ik al earder sei, it is fan de gekke dat we dit dogge.

MARGRETHA: Der doch mar mei ophâlde dan?

ARNOLD: *(skoddet beslist de holle)* Nee!

MARGRETHA: Sa is 't. Dan sette we no troch, Arnold. At ik der noch oan tink, datst my ferteldest hoe't dyn dochter troch har man behannele wurdt! As in stik húsrie! By my is 't al hast krekt sa. Myn soan Durk hat thús ek neat yn te bringen. En ik fertrou syn frou ek net. Mar dat stiet hjir no even bûten.

ARNOLD: At ik der by bin, dogge se krekt as binne se it lokkichste stel fan de wrâld, mar ik wit wol better! At ik de hakken lichtsje, hat myn dochter gjin leven mear. Hy is mar op ien ding út... Myn jild!! En ik fertink him der ek fan, dat hy der in oaren op nei hâldt.

MARGRETHA: En ik sil foar dy útsykje oft dat ek sa is.

ARNOLD: No, ik bin der hast wol wis fan! Myn jild is de ienige reden wêrom at it houlik fan myn dochter noch libbet. At ik moarn it hoekje omgean, dan strykt er it jild op en is in wike letter de skieding útsprutsen!

MARGRETHA: Hè, getferderry. Ik moat der net oan tinke, datsto moarn... No ja, ik bedoel, we binne krekt in healjier by elkoar en ik hoopje noch hiel wat jierren fan dy te genietsjen.

ARNOLD: Ik sei it ek mar by wize fan sprekken. Nei dizze wike witte we mear en dan stel ik dy foar oan myn dochter. Se mei it no noch net witte. Want ûnder druk fan dy rotffint, seit se dat se nooit akseptearje sil dat ik in oare frou nim.

MARGRETHA: (*laket no*) Wy lykje wol fan de KGB, Arnold! Dat ik dyn dochter en har man bespionearje sil yn dat hotel. (*skrikt*) Do hast doch wol in keamer foar my besprutsen?

ARNOLD: (*gnysket*) Ja, ja! Ik ha twa keamers boekt yn dat hotel, ien foar dy en ien foar harren. Myn skoansoan koe syn earen net leauwe doe't ik tsjin him sei dat ik alles betelje soe. Witst wat dy huchelder sei? 'Goh, wat aardich fan jo, heit!' De huchelder!

MARGRETHA: Mar we sille him geweken nimme, Arnold. En it resultaat sil wêze dat de eagen fan dyn dochter iepengean. En dat de der in ein komt oan dat skynhoulik. Ik fyn it trouwens wol hiel leaf datst myn freondinne Tiny ek útnoege hast, dan ha 'k wat selskip.

ARNOLD: Graach dien. Hast bûten de spionaazje om ek noch wat ferdivedaasje. Mar, foar my is it belangrykste dat ik wat mear te witten kom.

MARGRETHA: Fansels ju! Sa gau at ik yn dat hotel bin, soargje ik der foar, dat ik alles oan de weet kom. Komt dik ynoarder. (*we hearre de bus oankommen*) O jee, dêr is de bus. (*jout Arnold in dikke tút*) Silst goed op dysels passe?

ARNOLD: Fansels. No, súkses dêr.

MARGRETHA: (*pakt de koffer en sil fuortrinne*) Doeck!

ARNOLD: (*skrikt*) Ho even. Do moatst it adres noch ha, oars witst net wêr'tst wêze moatst. (*hy jout Margretha in kefert*) Asjebleaft.

MARGRETHA: Ik wit doch wol wêr't ik hinne moat, Arnold.

ARNOLD: Foar de wissichheid. (*noch in tút*) No, opsjitte. De bus wachtet net.

MARGRETHA: Ja, ja. (*pakt de koffer wer op en rint nei de halte*)

ARNOLD: Ik hâld fan dy!

MARGRETHA: (*draait har om*) Ik hâld fan dy, Arnold. (*fansiden hearre we in stim*)

STIM: Wolle jo noch mei? Dan moatte jo wol opsjitte, want ik wachtsje net lang mear.

MARGRETHA: Ik kom der oan! (*tsjin Arnold*) Doech!

ARNOLD: Doech! Oant nije wike. (*Arnold sjocht Margretha nei en at de bus fuortriidt stekt er de hân op*) Leaf, dat se dit foar my dwaan wol... (*Arnold giet links ôf. De spot links giet út en de spot rjochts even letter oan. Berthram komt op fan rjochts. By de spot hâldt er even yn en wachtet. Even letter komt Cecilia hastich oan rinnen*)

CECILIA: Ik wurd net goed fan dy fint fan my. Bliuwt je de hiele dei om de kont hinne draaien. Mar goed, it is my doch slagge.

BERTHRAM: Gelokkich wol, Cecilia. (*se jouwe elkoar in tút*) Bist der wis fan dat er it goede hotel foar jim besprutsen hat?

CECILIA: Ja. Ik ha 't justerjûn noch oan Derrick frege.

BERTHRAM: Prachtich! Ik moat der net oan tinke dat ik dy in wike misse moast.

CECILIA: En ik dy ek net, Berthram. (*se tútsje wer*)

BERTHRAM: We hawwe dit no wol moai foar elkoar, mar it bliuwt útsjen mei dy beiden. Se sitte ús sawat op 'e lippe.

CECILIA: Och, se hawwe no doch neat yn 'e gaten. We betinke der wol wat op, sadat we in soad by elkoar wêze kinne.

BERTHRAM: (*laket*) O, seker! Joke mei graach rinne en dêr fyn ik tafallich neat oan. Dus om my giet se oeren te rinnen, allinne.

CECILIA: Moai sa, Berthram. Ik sil Derrick ek oanspoare om oeren te rinnen te gean.

BERTHRAM: Wat soest der fan fine at se mei syn beiden te rinnen gean? (*beide laitsje*)

CECILIA: Komt hielendal goed.

BERTHRAM: (*sjocht op it horloazje*) En no opsjitte! Ik ha Joke de auto al ynpakke litten en oer in kertier ride we!

CECILIA: Wy oer in oere. It soe tefolle opfalle, at we dêr tagelyk oankomme. Ik sjoch dy dêr. (*wer tútsje. Cecilia rjochts ôf, Berthram links, spot út*)

EIN PROLOOCH

EARSTE BEDRIUW

(middeis, sawat trije oer. De gerdinen gean no iepen. It toaniel is noch leech. De stuollen stean op de kop op de taffeltsjes. Dan komt Trijntje op. Sy is de noait fleurige eigeneresse fan it kafee/hotel en sit slonzich yn de klean. Se sjocht even om har hinne en blêret dan de kant fan de doar op)

TRIJNTJE: Lotte!... Lotte!... Wêr hinget dat fanke no wer út ?! Atst har brûke moatst is se der noait en se is der ek noait atst har brûke moatst... *(tinkt even nei)* ...O, dat is itselde. Hoe dan ek, se is der noait. *(docht de kafeedoar iepen en blêret nei binnen)* Lotte! *(even letter komt Lotte fan rjochts op, ek sy sit slonzich yn de klean, it hier yn de war)*

LOTTE: *(ferfeeld, is in bretale)* Do hoechst net sa te razen, hear. Ik hearde dy wier wol.

TRIJNTJE: Wêrom komst dan net daliks?

LOTTE: Wêrom soe ik sa hastich wêze? We ha ommers alle tiid fan de wrâld.

TRIJNTJE: Dat ha we dus net, Lotte. We krije hjoed flink wat gasten.

LOTTE: Soa! We rinne binnen, mem!

TRIJNTJE: Dat tochtst mar! Atsto net as de bliksem it terras oprommest en de keamers ynoarder bringst, rinne de gasten sa wer fuort.

LOTTE: Hallo mem! Moat ik dat allegear allinne dwaan?

TRIJNTJE: Moat ik it soms allinne dwaan? Stek do de hannen ek es út de mouwen!

LOTTE: No ja... Dan doch ik it terras wol, dochsto de keamers.

TRIJNTJE: Do witst ek wol watst kieze moatst netwier? No ja, dan dochsto earst it terras en dan helpst my dan mei de keamers.

LOTTE: Ik sil sjen hoefier at ik kom, mem.

TRIJNTJE: Net sjen mar dwaan! *(rint foeterjend nei de doar)* Atst har brûke moatst is se der noait, en at se der wol is dan docht se neat. *(sjocht ferrast op)* Dat wie 't! Atst har brûke moatst... *(ôf)*

LOTTE: *(sjocht om har hinne)* Dat stiet doch allegear prima sa... No ja, dy stuollen dan en in bytsje oanfeie miskien. *(Jopie komt op fan links, hy is postrinder. Hy is jonger as Lotte, mar stapelgek op har, hy hat fansels in postklean oan)*

JOPIE: *(wat ferlegen tsjin Lotte)* O... goeie.

LOTTE: *(sûnder ynteresse)* O... goeie.

JOPIE: Moaie dei hjoed, net Lotte?

LOTTE: Neam do it mar in moaie dei. Ik moat my hjir it apesoer wurkje.

JOPIE: Kin ik dy soms helpe?

LOTTE: *(no wol ynteressearre)* Helpe? O... No, dat kin seker!

JOPIE: Ah, fijn. *(bytsje swimeljend)* Ik doch alles foar dy, Lotte.

LOTTE: *(wer ferfeeld)* O... Sitte we op dy toer, Jopie? Do bist fierste jong foar my en at ik in keardel ha wol, dan moat it wol in keardel wêze en dêr komt noch by dat er moai wat jild ha moat.

JOPIE: *(grutsk)* Ik ha wol jild, Lotte. Alles wat ik mei it besoargjen fertsjinje, sparje ik op.

LOTTE: No, dat sil in fetpot wêze! Ik bedoel in keardel mei in **hiel soad** jild, Jopie. Safolle, dat ik nooit mear hoech te wurkjen.

JOPIE: *(entûsjast)* Ik sil safolle sparje Lotte, datsto nooit mear hoechst te wurkjen.

LOTTE: Atsto safolle by elkoar sparre hast, dat ik nooit wer hoech te wurkjen, dan sit ik yntiid yn in fersoargingstehûs. *(sjocht wer om har hinne, sjocht Jopie dan wat ferliedlik oan)* Mar do meist my even goed wol helpe hear. Begjin mar mei alles oan te feien en dan setst alle stuollen by de taffeltsjes. *(se pakt in biezem dy't tsjin de muorre stiet)*

JOPIE: *(smyt entûsjast de postsek del)* Graach, Lotte. *(set daliks útein mei feien)*

LOTTE: Wurdt it doch noch in moaie dei foar my. *(se giet glimkjend op ien fan de stuollen sitten, sakket wat ûnderút, wylst Jopie faget. Hy bliuwt wol safolle mooglik by Lotte yn de buert en kin de eagen net fan har ôfhâlde, ta ergernis fan Lotte. Nei even komme Joke en Berthram fan rjochts op, Joke is it type fan in goede sul, Berthram oerhearsket har dúdlik. Kwa klean binne se ek ferskillend, en sy mei de koffers sjouwe, uteraard docht se dat sûnder tsjin te akseljen)*

JOKE: *(sjocht om har hinne wylst se mei de koffers yn de hannen stiet)* O, wat in leuk plakje, Berthram! Dat hat ús heit doch mar moai regele net?

BERTHRAM: *(út de hichte)* No, no! Wat hat dy âlde dat wer goed regele. In boufal is der neat by! Ik hie it witte kinnen! Je kinne him neat tafertrouwe. Moatte wy hjir in wike bivakkearje? Ik stean kompleet foar joker by... *(skrikt even, fermannet him dan)* Je stean doch kompleet foar joker at je dit oan in oar fertelle.

JOKE: Hè toe, Berthram. It sil wier wol wat tafalle. *(sjocht Lotte sitten)* O, hallo. Witte jo miskien wêr't wy ús oanmelde moatte?

LOTTE: Hinget der fan ôf wêrfoar atsto dy oanmelde wolst. *(besjocht Joke kritysk, wylst se sitten bliuwt)* Foar it leger of de plysje likest my net geskikt. Wat tinksto, Jopie!

JOPIE: Ja! Wat is der, Lotte?

LOTTE: Kin sy har oanmelde foar de post? Se rint no ek al mei koffers te sjouwen. *(besjocht dan Berthram)* Him kin ik sa net pleatse. Mear in kantoarklerkje, tink.

BERTHRAM: O, o. Wat binne we leuk. Sis leaver wêr't de eigener fan dit... dit 'super de lúks hotel' is. Kinne we sjen hoe't de keamers der út sjogge, al ferwachtsje ik der net folle fan.

LOTTE: Oooo! Komme jim hjir útfanhûs? No, do silst even wachtsje moatte, jonge. Us mem is noch mei de keamers dwaande en dat kin noch wol even duorje. Hee, Jopie, set even twa stuollen foar dy minsken del. (*Jopie flocht al*) No, gean sitten soe 'k sizze. (*Jopie set fuort de oare stuollen ek goed del*)

JOKE: Tanke. (*set de koffers del en giet sitten*) Giest ek even sitten, Berthram? Do silst wol wurch wêze fan dy lange reis hjirhinne.

BERTHRAM: Ik wol leaver earst even mei de eigener prate.

LOTTE: Dy is der net mear!

BERTHRAM: Wêr is dy dan?

LOTTE: Dy is fuort. O, al hiel lang lyn hear. Doe't ik noch lyts wie.

BERTHRAM: Wêr slacht dit no wer op?! Wa is hjir de baas dan?

LOTTE: Us mem en dy kin noait de eigener wêze, want dan hie se in keardel west, watte?

JOKE: (*laket wat dom*) O, wat grappich.

BERTHRAM: Neat net grappich! Dat fanke sit ús gewoan foar de gek te hâlden. (*tsjin Lotte*) Soest dan miskien jim mem even helje kinne?

LOTTE: Fansels, jonge. (*draait har om nei de doar en ropt lûd*) Mem! Mem! Der is ien foar dy! (*tsjin Berthram*) Atst mazzel hast is se hjir sa. (*tsjin Jopie*) Do kinst wol wer fierder mei de post, Jopie. Tank foar dyn help.

JOPIE: Graach dien, Lotte. Ik wol noch wol mear foar dy dwaan, hear. Sis it mar.

LOTTE: Bring do no earst de post mar fuort. Is der noch watfoar ús by?

JOPIE: (*sjocht yn de tas*) Ja. Twa brieven, Lotte. (*jout se oer en giet daliks neist har sitten*)

LOTTE: (*triuwt him fuort*) Oan 't wurk, Jopie!

JOPIE: O... (*wifelt even, mar set dan doch ôf*) Miskien kom ik fanmiddei noch even del... Dach Lotte. (*links ôf*)

JOKE: Binne wy de ienige gasten, mefrou?

LOTTE: Tsjin wa hast it?

JOKE: Tsjin jo.

LOTTE: O. No sis mar gewoan Lotte hear.

JOKE: Leuk. Sizze do dan mar Jo...

BERTHRAM: Mefrou van Troje! Harkje, Lotte. Ik...

LOTTE: (*sjocht nei Berthram*) En do seist tsjin my mefrou Overbeek, menear it 'paard van Troje'! (*oerein en troch de doar ôf*)

BERTHRAM: Tsjonge wat in bretaal wicht sis!

JOKE: No, se like my krekt hiel aardich, Berthram.

BERTHRAM: Ja, dyn minskekennis is fier te sykjen. Mar ja, wat kin ik oars fan dy ferwachtsje. Sa heit, sa dochter, sil ik mar sizze. It is dat dy âlde fan dy der waarm... eh... (*ferhellet him*) Neat, Joke. Mar, ik soe wol es witte wolle wêrom't hy útrekkene dit hoteltsje besprutsen hat. It kin net oars wêze as om my te pesten.

JOKE: No ja! Wêrom soe ús heit dy no peste wolle?

BERTHRAM: Omdat er wit, dat dizze boufal fier ûnder myn stân is. Dy âlde fan dy sit him no thús de bûsen út te skuorren. (*de doar fan it kafee giet iepen en Trijntje komt op, beswit en de stofdoek noch yn de hân*)

TRIJNTJE: Wat kin ik foar jo dwaan? (*faget de holle ôf mei de stofdoek*)

BERTHRAM: Binne jo de eigeneresse fan dit spul?

TRIJNTJE: Dat bin ik ja. Trijntje Overbeek is de namme.

BERTHRAM: Trijntje! (*sarkastysk*) Past allegear presys by elkoar.

TRIJNTJE: (*skerp*) Wat bedoel jo dêr presys mei?

JOKE: (*fluch, ferûntskuldicht har foar Berthram*) Neat hear. Myn man bedoelde dat jo in leuke namme en in leuk hotel ha en dat past presys by elkoar.

BERTHRAM: Dat woe ik...

JOKE: (*wer fluch*) Dat woe ik mar sizze. Eh... Der is in keamer foar ús besprutsen en... (*sjocht nei Berthram*) Of wolsto it leaver sizze, Berthram?

BERTHRAM: Gean dyn gong, it is dyn feestje.

JOKE: (*laket wat nerveus*) Dinen doch ek? (*tsjin Trijntje*) Myn man fynt it ek leuk hear. (*it gesicht fan Berthram sprekt boekdielen*) No ja, wêr hiene we it oer?

TRIJNTJE: Oer in keamer en in feestje.

JOKE: O ja! Wy... eh... eins ús heit... hat hjir in feestje... eh... in keamer foar ús besprutsen. Foar Berthram en...

BERTHRAM: Foar de hear en mefrou van Troje.

TRIJNTJE: Van Troje? Dêr is my neat fan bekend.

JOKE: Net? Ik wit seker...

BERTHRAM: En ik wit seker, dat it wer in domme opstiging fan dy is. In hotel foar ús besprekke litte troch jim heit! En at wy dan op it adres oankomme, blykt dat hy hielendal gjin hotel besprutsen hat en stean wy, en ik yn 't bysûnder, wer moai foar gek. At se sjocht yn watfoar negerij at ik telâne kommen binne, dan is it fuort út en oer.

JOKE: Oer wa hast it?

BERTHRAM: Oer... (*beseft dat er 'm fersprutsen hat*) ...oer myn kollega's op it wurk fansels. Wa oars?

JOKE: O.

TRIJNTJE: (*skerp*) Jo hiene it oer in negerij?

JOKE: (*fluch*) Nee, hear. Mar miskien kinne jo even op it listke mei nammen sjen?

TRIJNTJE: Dat ha ik allegear yn dit kopke sitten, mefrou. Ik krij hjoed gasten foar fjouwer keamers. Even tinke... Foar de famylje Koopmans en de...

JOKE: Mar dat is 't! Ik bin Joke van Troje – Koopmans. Us heit hat fansels ûnder syn eigen namme in keamer foar ús besprutsen.

TRIJNTJE: Jo hiene it oer ien keamer? Koopmans hat twa keamers besprutsen.

JOKE: Twa? Wêrom soe ik...?

BERTHRAM: O nee hin?! It wurdt noch mâlder!

JOKE: Wat bedoelst, Berthram?

BERTHRAM: Hast dat dan wer net troch?

JOKE: Wat?

BERTHRAM: Hoe kin ik dat no ek oan dy freegje oftsto it troch hawwe soest? Dy âlde fan dy hat ek in keamer besprutsen, suffert!

JOKE: Wêrom soe er dat dien ha?

BERTHRAM: (*suchtet djip*) Omdat hy hjir sels ek hinne komt fansels!

JOKE: Soe 't? (*entûsjast*) O leuk. Dan kinne we...

BERTHRAM: Dan kinne we dus mar ien ding dwaan... En dat is... (*hâldt 'm abrupt stil, tsjin Trijntje*) Jo wolle my doch net fertelle dat er hjir al is?

TRIJNTJE: Bûten jim om ha ik noch gjinien sjoen. Mar... (*fan links komt Margretha op, se tûget swier mei de koffer*)

MARGRETHA: Tsjonge jonge. Wat in ein rinnen fan de bushalte sis. Ik hoopje wol dat ik op it goede adres bin.

TRIJNTJE: Dat hinget der fanôf wêr't jo wêze moatte.

MARGRETHA: Hotel 'Boslucht'.

TRIJNTJE: Dan binne jo hjir goed.

BERTHRAM: (*fansiden*) Goed? Wachtsje mar oantst alles hjir sjoen hast.

TRIJNTJE: En hiene jo besprutsen?

MARGRETHA: Ja, der is besprutsen foar in wike. (*jout Trijntje it briefke dat se fan Arnold krigen hat*)

TRIJNTJE: Dy namme kloppet! Twa keamers.

MARGRETHA: Twa? Neffens my is der mar ien keamer besteld.

TRIJNTJE: Begjinne jo no ek al? Jo hawwe, lykas sy, fanôf no oant ein fan de wike twa keamers besprutsen, punt út! Trouwens, wêr meitsje ik my drok oer, se binne al betelle. Oernachting, moarnsbrochje, lunch en diner. Dus beide twa keamers, oft jo no wolle of net. Ik bin noch net hielendal klear mei de keamers, dus bliuw hjir noch mar even sitten. Ik stjoer myn dochter wol, dan kinne jo wat te drinken

bestelle. (*skerp*) En dat is noch net betelle en dus foar eigen rekken!
(*rint nei de kafeedoar*) Lotte!

BERTHRAM: (*tsjin Margretha*) Giet lekker sa hin? Je bestelle der ien en je krije der twa.

JOKE: (*entûsjast*) Ja Berthram, krekt as mei dy koekjes fan...

BERTHRAM: (*smeulsk*) Ja hear, Joke. Krekt as dy koekjes fan de reklame.

MARGRETHA: O... Bisto no, Joke?... (*skrikt, beseft dat se har bleat jout*)

BERTHRAM: (*ferbaasd*) Wolle jo soms sizze dat jo myn frou kenne?

MARGRETHA: Eh.. (*laket wat nerveus*) Nee, fansels net! Hoe soe ik har no kenne? Ik ha har noch noait earder sjoen, dus kin ik har ek noch net kenne, wol? Want at ik har kenne soe, dan soe se my ek kenne. En omdat wy elkoar net kenne, kin dat dus net.

JOKE: Dat kin ik allegear net folgje hear. Hoe kinne jo dan wol witte, hoe't ik hjit?

MARGRETHA: Omdat... (*tsjin Berthram*) omdat ik jo krekt Joke tsjin jo frou sizzen hear. Mar jimme achternamme wit ik fansels net...

BERTHRAM: Hoege jo ek net te witten. Wy ha der gjin sin oan om ús mei oare gasten te bemuoien. En it soe bêst es wêze kinne dat we oer in pear oeren wer fuort binne, nei in oar hotel.

MARGRETHA: Wat?! Jim kinne net fuort!

BERTHRAM: Soa! Wy kinne net fuort! En dat bepale jo?

MARGRETHA: Eh... Nee... Fansels net. Ik bedoel te sizzen, ik hearde doch dat jim hjir ek krekt binne. Dan gean je doch net daliks de earste dei al wer fuort.

JOKE: Nee, fansels net. Mar myn man tinkt dat ús heit hjir ek komt, mar dat is fansels net sa.

MARGRETHA: Nee, dy komt hjir ek net! Dy is thús... (*skrikt wer fan wat se seit, ferhellet har fluch, laket wat*) Ja, dy sil no wol thús wêze. Dy lit jim hjir lekker mei syn beiden. Alhoewol, dat kin ik fansels ek net witte.

JOKE: (*laket ek wat*) Ja, hoe soene jo dat no witte moatte?

BERTHRAM: (*skerp*) Ja, hoe soene jo dat no witte moatte?

MARGRETHA: Ja, hoe kom ik derop hin? Mar ja, it like my logysk. Hy gunt jim dy wike fansels bêst en dan gean je der sels net hinne. Mar, litte wy ús even oan elkoar foarstelle.

JOKE: Ik bin dus Joke, Joke van Troje – Koopmans. Van Troje fan myn man en Koopmans fan mysels en ik wenje yn...

BERTHRAM: Wol ja, jou dyn telefoannûmer, dyn e-mailadres, dyn banknûmer en dyn pinkoade oan in wyldfrjemd.

JOKE: *(sjocht Berthram ferbaasd oan)* En do seist altyd, dat ik myn pinkoade noait oan ien jaan mei.

BERTHRAM: Wat bist ek in ûle!

MARGRETHA: No, no... Dat sizze je doch net tsjin je frou.

JOKE: *(fluch, laket nerveus)* Berthram bedoelde net, wat jo miskien tinke, hear mefrou. Hy neamt my altyd hiel leaf 'syn ûltsje'. Grappich no?

BERTHRAM: *(suchtsjend)* En dêr bin ik mei troud! *(Lotte komt op út it kafee, se bliuwt yn de doar stean)*

JOKE: *(tsjin Margretha, entûsjast)* Ja, wy binne troud! In hiel lokkich houlik, hear. *(se sjocht fol twivel net Berthram)* Of net, Berthram?

BERTHRAM: En no bin ik echt oan in buorrel ta! *(giet oerein en rint nei de kafeedoar, dêr stiet Lotte dy't him opfangt)*

LOTTE: Soa, menear is oan in buorrel ta? Bin ik wer presys op tiid.

BERTHRAM: Jou my mar in dûbele whisky fan dy.

LOTTE: Ik jou dus hielendal neat wei! Boppedat gean de dames foar. *(rint Berthram foarby en giet nei de froulju. Leaf:)* Wolle jim miskien wat fan my drinke? *(draait har om nei Berthram, sjocht útdaagjend)* Foar jim is de earste fergees. *(Berthram sjocht poer en rint lilk it kafee yn)* Opstannich baaske, sis! *(tsjin Joke)* En dêr bisto mei troud? Lokwinske hear!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto